

Teater kafee 'De Gulle Lach'

Ferhaal/tekst: Remco Klop

Muzyk/tekst: Marjon Dobbe

Oersetting: Richtje van der Velde

Teater kafee 'De Gulle Lach'

Ferhaal/tekst: Remco Klop
Muzyk/tekst: Marjon Dobbe
Oersetting: Richtje van der Velde

It ferhaal:

It stik spilet him ôf yn kafee De Gulle Lach, eigendom fan de famylje Pavlou , fan oarsprong in Grykske famylje. It kafee is, yn de tsien jier dat it iepen is, tige populair by de buert bewenners. Elkenien kin it kafee en de famylje en mei graach efkes delkomme. Foaral de sneontejûnen, wannear't der iepen Poadium hâlden wurdt, wurde drok besocht. In soad besikers hawwe der troch de jierren hinne al optreden, faak mei ferraskjende foarstellingen.

No driget echter it gefaar foar sawol de buert as it kafee. Twa louche projekt- ûntwikkelders, Bot en Beenhouwer, binne dwaande hûzen yn de buert op te keapjen en dernei ôf te brekken mei as doel op de romte dy't frijkomt in grut kantoarekompleks te bouwen mei in rjochtstreekse ferbining nei it fleanfjild. Ek it kafee fan de famylje Pavlou, dat midden in de buert stiet, sil der oan leauwe moatte. De twa projekt ûntwikkelders hawwe der alles foar oer om harren plannen te ferwêzenlikjen ,en, wannear't se ek noch efter in goed bewarre geheim fan de famylje komme, liket neat harren mear yn' t paad te stean. Of dochs wol.....

Oer de musical:

De musical is skreaun foar learlingen fan groep 8. Het is in hilaryske, mar ek spannende musical, mei in ûnferwachte draai op it ein. Alles spilet him ôf op ien lokaasje: kafee 'De Gulle Lach'.

It kafee kin nei eigen ynsjoch en ôfhinklik fan de mooglikheden, (romte/ fasiliteiten), ynrjochte wurde, mits der twa ôfgongen binne: ien nei bûten en ien nei de 'oare fertrekken' fan it kafee. Fierders is it leuk om de learlingen sels in oantal nedige attributen / dekorstikken meitsje te litten. Hjirûnder stiet ien en oar oanjûn.

Om te meitsjen:

- de paspoarten fan de famylje (echte en falske!)
- in kamera (mei statyf) foar de kameraman of frou fan it programma 'it gesellichste kafee'.
- in mikrofoan foar de technikus
- in klûs mei draaislot (de klassiker)
- in moai (hing)boerd mei dêrop: Kafee DE GULLE LACH
- in oantal spandoeken / protestbuorden
- lytse kameraatsjes en mikrofoantsjes
- affiches om optredens oan te kundigjen
- in brief fan de boargemaster
- in sjek wêr Bot en Beenhouwer it kafee mei omkeapje wolle
-
-

Oer de muzyk:

Bij dizze musical heart in muzyk CD (en boekje). Op de CD stean de lieten en in oantal muzykjes dy't by sênewikselingen en tiid oerbrêgings hearre, en in oantal lûdeffekten. De nûmers 1 t/m 14 op de CD betrefte de ferskes mei sang plus muzykjes/lûdeffekten. De nûmers 15 t/m 28 betrefte de lieten, sûnder ynsongen tekst (ynstrumintaal), plus muzykjes/lûdeffekten .

NB De teksten binne yn it Nederlânsk ynsongen, de Fryske teksten, (oersettingen), binne te finen oan it ein fan de musical!

Yn de tekst wurde, as der sprake is fan in liet, muzykje of lûdeffekt, hieltyd twa nûmers neamt. Wat de lieten oanbelanget, komt it earste nûmer oerien mei de ynsongen ferzje op de CD, it twadde nûmer is de ynstrumintale ferzje.

Opmerking: Liet 1 (EFCHARISTO) en Liet 14 (resp. lied 15 en 28) hawwe deselde muzyk, mar in oare tekst!

(Opmerking: By oankeap fan de musical wurde de rjochten ferliend foar de útfiering(en) fan de musical foar ien skoaljier en troch ien groep).

Rollen:

Patri (Pépé) Pavlou heit/eigner kafee 'De Gulle Lach'

Matisse Pavlou, soan fan Patri

Andrea Pavlou, dochter fan Patri

Jenny, help yn it kafee/ resjersjeur

Bot, projektûntwikkelder

Beenhouwer, projektûntwikkelder

Grijpstra, hânlanger fan Bot en Beenhouwer

Hânlanger 2/ resjersjeur

Hânlanger 3/ resjersjeur

Muoike Leen , stamgast

Muoike Truus, stamgast

Titia van der Tol presintatrise tillefysje programma

kameraman

technikus

pake Koos stamgast

Driekus, Geert en Barry band 'De Deurzetters'

Stamgast 1

Stamgast 2

Presintator iepen Poadium

_____ totaal 21 rollen

(NB De deurzetters/ stamgast 1 en 2 / presintator iepen Poadium kinne dûbelrollen wurde)

TEATER KAFEE 'DE GULLE LACH'

1^{ste} bedriuw, scene 1

iepening:

Efter it toaniel doek (doek in lyts stikje iepen), is de sneontejûn yn kafee 'De gulle Lach' yn folle gong. We heare muzyk, stimmen en laitsjen. Dan ferskynt der tusken de doeken in âlde mar kwikke man, folge troch in frommis op leeftyd mei wylde hieren. It frommis sit de man dúdlik efternei, besiket him te lokken, efterfolget him en knypt him yn 'e billen. It lûd efter it doek wurdt minder en no heare wy wat de twa bliere kafeegasten tsjin elkoar sizze...)

Pake Ko:

Leen, ik kom der dalik wer yn! Efkes yn it waar sjen! Efkes in momintsje foar mysels. Ik bin net sa pyp mear....., snapst wol?

Muoike Leen:

No, do bist pyp genôch foar my, leave ! Ast mar witst dat ik fan dy hâldt en datst jûn fan my bist, allinne fan muoike Leen.....Âlde Adonis , moaie Snorremans datste biste! Casanova! Mar okee, ik wachtsje wol efkes, sjoch dy daliks ! (*ferdwynt efter it doek. Allinne har stim heare wy noch efkes*) Pépé, noch mar in rûntsje fan muoike Leen!

(der klinkt jûchheigerop en efkes is der wer in soad leven efter it gerdyn, dan nimme de lûden wer ôf (wylst der noch wol aktiviteit te hearen is !) en rjochtet Pake Ko him ta it publyk.)

Pake Ko:

Goejûn allegearre, myn namme is Koos van Dyk, mar sis mar pake Ko, want dat docht elkenien hjir. Ik bin, krekt as muoike Leen, dat is dat leuke frommis fan krekt, fêste gast yn teater kafee 'De Gulle Lach', hjir efter my. It is sneontejûn en wy hawwe krekt wer in lepen Poadium efter de rêch, lykas dat elke sneon hjir it gefal is yn it kafee fan de famylje Pavlou . It is alwer hast tsien jier lyn dat se hjir midden yn de âlde buorren harren doarren iepenen, en ik kin jim sizze, net sûnder sukses. De hiele buert komt hjir graach efkes lâns en mannichien hat hjir al op de planken stien op de sneontejûn. It kafee is in begryp yn de buert en fier yn de omkriten, de sfear is altyd goed, en elkenien hat noch tiid foar elkoar, hjir falle de soargen fan dy ôf en liket soms de tiid efkes stil te stean. Ja, ik proastje op it kafee en de famylje: dat hja hjir noch lang bliuwe meie...

(Muoike Leen komt wer te foarskyn)

Muoike Leen:

Wat stiest dêr no wer, Ko. Sitst alwer yn dysels te praten? Dat is dochs net gesellich? Kom der no yn, de jûn rint sawat op syn ein en Pépé sil sa ôfslute! Kom op!
(*Se nimt him mei oan 'e hân. Pake Ko sjocht noch efkes nei it publyk mei in blik fan "tsja, no moat ik wol". It gerdyn giet iepen as hja it kafee binnen stappe en we sjogge alle gasten yn in tableau vivant stean. Pake reagearet ferwûndere*)

Pake Ko:

Ja, wat stean jim hjir no te stean, wat is der te rêden?

Muoike Truus:

(yn tableau pratend met de kaken op elkoar) Ja, Ko do seidest krekt dat de tiid hjir soms stil stiet, no ja, dêr hast it dus. De tiid stiet stil en wy stean yn in tableau vivant sa as dat hjit yn teater lân ... begrypst wol?

(Ko , dy't wol troch hat dat er yn de maling nommen wurdt, sykhellet efkes djip en seit dan mei lûde stim:)

Pake Ko:

(rjochting publyk) JA, BOEIE !!!!

(fuort komt elkenien yn beweging en wurdt der lûd lake, pake wurdt feestlik binnenhelle . Ferfolgens stapt P  p   nei foaren.)

P  p  :

(oer het gr  zemoes fan de gasten hinne)

Minsken, freonen, mei ik noch efkes jim oandacht?

(der wurdt SSST sist, in oantal minsken ropt: "efkes stil", en geliedelik wurdt it stil)

P  p  :

(sjocht fleurich om him hinne) Tanke wol, elkenien, foar jim komst. Ik haw allinne in ferfelende meidieling, (sjocht spile prakkesearjend) ...it is gebeurd...

(elkenien reagearret teloarstelle)

... mar net treurje, moarn binne we wer gewoan iepen...

(elkenien applaudisearret)

... en nije wike sneon is der fansels wer in lepen Poadium, dus skriuw dy yn by my of by myn famylje! Matisse en Andrea kom der efkes by ...

(Matisse, syn soan en Andrea, syn dochter komme neist harren heit te stean)

... wat soe ik no w  ze s  nder myn bern, neat, hielendal neat. (spilet fertrietich).

Bedankt , of sa't wy in Grikel  n sizze: EFCHARISTO! Bedankt!

(wer wurdt der applaudisearre en j  chheigerop)

Matisse:

(spile panyk) Mar, HO, HO, wacht ris efkes, we gean net samar   t elkoar...

Andrea:

(spilet it spultsje mei en docht lykas is se lilik) Nee, Heit, dat kin dochs net, der moat noch songen wurde...

P  p  :

(slacht him teatraal op 'e foarholle) Och, fansels, wat stom fan my...

(sjocht dan laitsjend nei Matisse en Andrea) ... tochten jim wier dat ik dat ferjitte soe? Fansels net... Allinne... (sjocht yniene prakkesearjend) ... wat moatte wy sjonge?

Muoike Leen:

(in stamgast yn de mannichte mei l  de stim:)

Wat tochtst fan dyn libbensliet!

P  p  :

(lykas is er ferheard) Myn libbensliet? Do bedoelst myn eigen liet, dy fan de laits en de sinne? Tsjee, ja, wat in goed idee! Hoe komst der op?

Truus:

No, dat is fansels , d  r sl  tst de sneontej  n al hast tsien jier mei   f!

(elkenien laket)

Pépé:

Werklik? (*hellet syn skouders op*) No ja, it seit dan ek krekt wat ik fyn. (*sjocht rûn*) Hé , dogge jim allegearre mei?

(*elkenien reagearret ynstimmend en fuortendaliks klinkt der muzyk . Elkenien sjongt mei, mei LIET 1 (CD 1/nûmer 15)(NB in oersjoch fan de lietsjes/teksten steane ôfdrukt oan it ein fan de musical) (Oan it ein fan it liet taaie de gasten ôf, der wurde noch wat hannen skodde en we heare minsken elkoar goenacht winskjen en oant sjen. It is slutingstiid. Úteinlik bliuwe allinne Pépé, Matisse en Andrea noch oer. Matisse pakt in bosk kaaien en slút de bûtendoar ôf)*

Matisse:

(*wylst hy de kafee romte wer ynstapt, it bosk kaaien fuort leit, en wat lege fleskes oprommet*)
Soa, dat wie it wer, alles ôfsletten.

Andrea:

it wie leuk, mar no bin ik bekôf, (*gappet*). Sille wy moarn de boel mar fierder opromje?

Pépé:

Prima idee, ik haw it sels ek wol hân (*sjocht of Matisse it der ek mei iens is*) Matisse?

Matisse:

(*sjocht op fan syn beuzichheden*) Wat? O, ik romje noch efkes wat op, ik kin dochs net fuort sliepe, mar jim kinne wol op bêd gean, ik rêd my wol...

Andrea:

Bist der wis fan?

Matisse:

FANSELS, gjin probleem (*hy rommet fierder op, wylst Andrea noch wat omtoarkjen bliuwt*)

Pépé:

(*Tsjin Andrea*) Ik soe mar gean, foardat hy him betinkt.

Andrea:

Okee dan, lekker sliepe. (*rint ôf*)

Pépé:

Lekker sliepe!

Matisse:

Oant moarn.

(*Pépé rint deselde kant as Andrea op, as hy sjocht dat se fuort is draait hy him om nei Matisse*)

Pépé:

(*bytsje heimsinnich*) Sis Matisse, is de advertinsje noch yn de krante setten?

Matisse:

(*stoppet mei opromjen en sjocht Pépé oan*) Ja, hy stiet deryn.

Pépé:

Wit Andrea it al?

Matisse:

Nee, noch net. Ik wachtsje efkes op het goeie momint.

Pépé:

Ja, ja, en wannear is dat?

(Matisse hellet syn skouders op) Krekt, dat witst net. *(Pépé rint nei Matisse)*

sjoch jonge, it is , tink ik, net in hiel grut probleem, mar dyn suster moat it wol witte...

En ik fyn it ek in goed plan, dus... dat is twa tsjin ien. Allinne, sy fynt it no ienkear net leuk as der immen fan bûten him mei it kafee bemuoit!

Matisse:

(suchtet) It is gewoan wat help derby, dat begrypt se dochs wol ? Dat kinne wy bêst brûke op jûnen sa as fan 'e jûn. Miskien kinne we dan fuortendaliks de foarkeamer derby ferhiere, *(wiist nei boppen)*, dy stiet dochs mar leech...

Pépé:

(hellet syn skouders op) Ja, wa wit. *(ynienen gappet hy)*. Sorry, ik moast ynienen ferskriklik gapje.

Matisse:

Gean no mar op bêd, oars leist daliks langút op 'e grûn te snoarkjen. Ik fertel it Andrea moarn wol en dan sjogge we wol fierder...

Pépé:

Ja, dan sjogge we wol. Goed, dan sil ik mar op bêd *(toarket wat om)* Enne.., net alles yn dyn ientsje opromje hê. Moarn bin ik der ek wer...

Matisse:

(wuwwt Pépé fuort) lekker sliepe, heit.

Pépé:

(bytsje ferward) Uh, ja, lekker sliepe *(wuwwt nei Matisse en rint ôf)*

Matisse:

(glimket en skoddet de holle) Gekke âld sek.

Pépé':

(net sichtber, yn de kûlissen) DAT HEARDE IK. IK BIN WOL ÂLD, MAR NET DÔF!

Matisse:

(laket) LEKKER SLIEPE, HEIT !

Pépé:

TOEDELEDOKIE !

(Matisse makket noch in wiuw gebaar rjochting de kûlissen en giet dan fierder mei opromjen. Echter, in pear tellen letter giet de tillefoan oer. Matisse sjocht ferheard op syn horloazje)

Matisse:

(rint nei de tillefoan) Wa bellet der no sa let noch? (nimt de hoarn fan de heak) Hallo? (lústert) ... Ja, dêr prate jo mei, mar... (sjocht rûn). Ja, ik bin allinne, elkenien sliept al, witte jo wol hoe let as it is? (lústert) No noch? No, ik wit net... (lústert) Wat sizze jo? (lústert) Foar de doar?

(Matisse rint rjochting foardoar en sjocht nei bûten)

Ja, ik sjoch jo stean, mei jim fiven. (lústert) Hiel wichtich? (lústert, seit dan mei lûde stim) DE KENINGINNE? (Sjocht wat nerveus om him hinne) Ja, fansels. Ik doch efkes iepen, in momintsje, ... (hy hinget op, (Matisse is yniene hiel senuweftich, hy pakt de kaaien fan de foardoar, lit se in pear kear út syn hannen falle, mar docht úteinlik de doar iepen. Hy stapt efkes dernei, efterút it kafee wer binnen, ferbluft oer wa't hy der yn litten hat. Dan komt in frijemd selskip it kafee binnen. Foarop rinne twa figueren yn it swart klaaid, mei oranje pruken op en donkere sinnebrillen, dy it kafee lykje te ynspektearjen. Dan stappe twa manlju yn in pak it kafee binnen mei allebeide in grutte sigaar tusken harren fingers en as lêste sjogge we in bemaskere persoan, yn in mantelpakje mei in hiele grutte dameshoed op wiuwend opkommen dy't in bytsje efterôf plak nimt.) (NB de figueren dy't sakrekt binnen kommen binne, binne yn wurklikheid twa projektûntwikkelders, de mannen mei sigaren, en harren louche helpers, dy't wat ynformaasje besykje te krijen, om de famylje Pavlou sa gau mooglik út it kafee te krijen, sadat sy harren bouplannen ferwezenlikje kinne.)

De twa manlju mei Oranje pruken tegearre:

(Mei lûde stimmen) LANG LIBJE DE KENINGINE !

De fiif neikommers allegear:

(mei de hannen yn de loft) HOERA, HOERA , HOERA !

(Matisse is noch te ferbluft en docht neat, wêrop hânlander 2 op him ôfrint en him strang tasprekt.)

Hânlander 2:

(strang) It is wol de bedoeling dat jo ek jûchje foar de keninginne mynhear!

Matisse:

(skrikt) Oh, ja, fansels. (mei hannen yn de loft) HOERA, HOERA, HOERA !

hânlander 2:

(kloppet Matisse op syn skouder) Geweldich. (rint dan nei syn kollega, hânlander 3 en tegearre gean se as bodyguards tichtby 'de keninginne' stean)

Matisse:

(rint nei de twa manlju yn pak. Wiist nei de bemaskere persoan) ... Is dat werkelijk...

Willem A. van Buren(Bot):

(ûnderbrekt Matisse) ... DE KENINGINNE , ja "in hoogsteigen persoon", mar yn it geheim fansels, INCOGNITO, sa as dat hjit, ferdomd! Oars kin it fansels net, dan wol elkenien mei har prate...

Bernard Prins(Beenhouwer):

... en ús foarstinne is ek mar in minske. Dêrom reizgje wy ek foaral 's nachts , dan is het lekker tsjuster en binne der net in soad minsken op strjitte. (sjocht Matisse mei in brede laits oan) Begripe jo wol? (Matisse knikt beleefd)

Willem A. van Buren:

(joviaal in earm slaand om Matisse) Mar wêr binne ús manieren fan 'e jûn? Litte wy ús earst ris foarstelle, myn namme is W. A. van Buren, mar jo meie wol Willem sizze, en ik bin de hofmaster fan Hare Majesteit.

Bernard Prins:

(kucht efkes en sjocht Van Buren oan. Dizze lit Matisse los, wêrop Prins in earm om Matisse slacht). En, ik bin Bernard Prins , de keamerhear fan ús foarstinne en persoanlik freon. En wy binne hjir mei in bysûndere opdracht...

Willem A. van Buren:

(knikt) Jawis, wat oars. *(bûget him nei Matisse)* Trouwens, die twa hearen dêr *(wiist nei de mannen me de oranje pruken)* binne liifwachten fan de keninginne, mar dat hienen jo wol begrepen, tink? *(Matisse knikt)* De keninginne winsket fierders allinne mar te harkjen, jo meie wol efkes nei har swaaie. *(Van Buren docht dit ek, en Matisse folget syn foarbyld. De 'keninginne' swaait freonlik werom).*

Bernard Prins:

(lit Matisse los.) Mar goed, ta de saak. Sille wy efkes sitten gean? *(Rint nei in taffeltsje/ of de bar en giet sitten.)*

Willem A. van Buren:

Prima. *(giet ek sitten, en wol sa, dat Matisse tusken harren yn komt, hy winkt Matisse dy't stean bleaun is, mar dan ek wat ûngemaklik plak nimt, tusken de hearen yn.)*

Willem A. van Buren:

Matisse Pavlou , Do fregest dy fansels ôf wat ús boadskip is? No, ik sil it fuort mar sizze: do en dyn famylje krije in lintsje, in keninklike ûnderskieding fan ús fantastyske keninginne. *(hij swaait efkes rjochting de keninginne, dy't freonlik werom swaait. Matisse en Bernard Prins swaaie ek. Dan ferfolget Willem syn ferhaal.)* Wêrom? Silst tinke, no, omdat jimme it geweldich dogge yn dizze buert, jim hielendal oanpast hawwe as bûtenlanners én om't jim mei jim lepen Poadium de minsken ek nochris optrede litte. Fantastysk! Petsje ôf! *(Hy begjint te applaudisearjen en de rest (ek de keninginne) docht mei.)*

Bernard Prins:

(ûnderbrekt ynienen it applaus en giet stean.) Mar! Der is wol in Mar! *(Hy rint betochtsum nei foaren en sjocht serieus.)* In ûnderskieding kinne jimme allinne, en allinne dan krije as der neat bard is wat net mei. Dus, mei oare wurden, as jimme KEURIGE, KREAZE EN EARLIKE MINSKEN BINNE! *(Rint ynienen hurd op Matisse ôf en bûget oer him hinne en klinkt dan strang.)* EN, BINNE JIMME DAT?

Willem A. van Buren:

(Ynienen ek strang, hast driigjend.) IS DER NEAT WAT JIMME FERBERGJE?

Matisse:

(Ûnseker.) Nee, neat hear...*(wachtet efkes.)* no ja, hoewol, allinne...(sjocht de hearen fertwevele oan) ... mar dat is al salang lyn ,ik tink net dat dat der ta docht.

Bernard Prins:

... Alles docht der ta by Hare Majesteit *(swaait wer nei de keninginne, dy't werom swaait),* elke lytsichheid.

Willem A. van Buren:

Neat ûntgiet ús foarstinne. Dus foar de tried dermei! Wat falt der te ferbergjen?
(*De hearen sjogge strang en Matisse stiet ûnder grutte druk as hy it geheim fan de famylje fertelt*)

Matisse:

Goed, no, it is ... it binne ús papieren en paspoarten, dy't...., no ja....., dy binne, dy binne ..., net echt! In bytsje falsk dus!
(*mei in "siskjend" lûd steane de twa hearen op en lykje tige oanslein troch de meidieling fan Matisse. Se geane neistinoar stean en skodzje beide de holle. Matisse komt foarsichtich neist harren stean*)

Matisse:

Tinke jo dat sy, (*makket in knikje rjochting de keninginne*), it in hiel grut probleem fine sil?
Ik bedoel, wy sitte hjir al sa lang!
(*De twa hearen sjogge Matisse oan en dan meitsje se wer in "siskjend" lûd, wylst se in pear stappen ôfstân nimme fan Matisse*)

Willem A. van Buren:

Mynhear Pavlou, dit komt as in skok foar ús, en wy sille dit mei de keninginne beprate moatte...

Matisse:

... Okee, sille wy dat dan fuort mar dwaan, se is hjir no dochs....., (*rint ynienen snel rjochting de keninginne*), Uh, mefrou, mei ik it efkes mei jo...,
(*mar fierder kin Matisse neat útbringe, want sawol de liifwachten as de twa hearen yn pak gripe gau yn en blokkearje it paad . Se lykje wat panikerich fanwege Matisse syn opwâling om mei de keninginne prate te wollen. Ek de 'keninginne' is skrokken en tebek skrille. Efkes letter stiet elkenien stil en sjocht elkoar oan.*)

Bernard Prins:

Sorry, mynhear Pavlou, mar dat... dat kin net. Gewoane minsken kinne net samar mei de keninginne prate, dat is net neffens it protokol... Sa as dat heart. (*Winkt dat de liifwachten wer by de keninginne stean gean moatte, wylst hy en Van Buren mei Matisse nei foaren rinne.*)

Willem A. van Buren:

Nee, wy sille it mei de keninginne yn har paleis yn it geheim beprate moatte, dat sille jo begripe. Trouwens, wêr binne de, (*sjocht rûn*), falske papieren?

Matisse:

Oh, yn de klûs hjir yn dit kastke. (*Rint nei it plak.*) Feilich opburgen, wolle jo se sjen?

Willem A. van Buren:

(*Skoddet de holle.*) Nee hear, ik leau it wol. Nee, mynhear Pavlou, WY witte op dit stuit wol genôch. WY sille it beprate mei de keninginne en ik tink dat WY der wol út komme. Allinne, (*winkt Matisse dat hy tichter by komme moat*), foar de feilichheid fan de keninginne moatte jo mei jo earen ticht en jo eagen sletten, (*docht it foar*), dêr, (*wiist*), yn 'e hoeke stean gean sadat wy sûnder sjoen te wurden, ûngemurken fuortkomme kinne...

Bernard Prins:

(*Ek tichtby Matisse*) ... as dan minsken freegje: wa of wêrhinne, dan witte jo fan neat. De feilichheid fan de keninginne giet boppe alles, nimmen mei witte dat se sa let noch op 'e dyk is, want dan is it ein fier te sykjen... Dus as jo sa freonlik wêze wolle... , (*triuwt him nei de hoeke en seit him de eagen en earen te sluten*)

Matisse:

(rjochting hoeke, mar stoppet ynienen) En, myn famylje dan, meie dy ek neat witte?

Willem A. Van Buren:

(efkes mei lûde stim) NEE, *(dan sêfter)* nee, fansels net, it moat in ferrassing bliuwe, as it trochgiet fansels, en as dat net sa is, dan soenen se allinne mar teloarsteld wêze. DUS, *(mei neidruk)* NEAT SIZZE! OKEE?

(Matisse knikt. Van Buren en Prins gebarre dat hy yn de hoeke stean moat, mei de eagen en earen ticht. Matisse docht dit braaf en as hy dêr ien kear stiet, winkt Van Buren de liifwachten en de 'keninginne'. Mei har fiven gean se yn de oare hoeke stean en sjogge rjochting Matisse, dy't neat sjocht of heart)

hânlanger 2:

(tsjin van Buren en Prins) Binne we no klear, bazen? Want dy prûk jokket my as in gek. *(begint te jokjen)*

Keninginne:

Ja, en dy nullehakken en hoed sitte my ek behoarlik yn 't paad..

hânlanger 3:

En fan al dat stean wurd ik ek net bliid. En trouwens, wat ik net begryp, is dat we dy falske papieren fan Pavlou net meinimme, dan is it dochs klear, as we dy sjen litte, KINNE SE IT KAFEE SLUTE! DAT IS DOCHS DE BEDOELING?

(Van Buren en Prins siskje wer tegearre, krekt as se by Matisse dienen)

Bernard Prins:

De falske papieren, dat is plan B...

Willem A. van Buren:

Earst plan A... pas as dat net wurket...

Bernard Prins:

... stappe we oer nei plan B...

Willem A. van Buren:

Mar, hoe dan ek, of it no plan A of plan B is, it kafee sil ticht en wurdt sloopt. Op dit plak komt in grut kantoarekompleks foar ynternasjonale bedriuwen. Goed berikber fan it fleanfjild ôf mei har nije lanningsbaan. Tink dy ris yn, ûndernimmers út de hiele wrâld wurde nei binnen flein en sitte noch gjin 10 minuten letter op harren....wurkplak. Dat is de moderne tiid: snel en effisjint ...

(bliuwt efkes mimerjen oer dit takomstbyld) Kom we witte genôch, we gean!

(rint ôf, folge troch Prins, wylst de 'keninginne' en har liifwachten noch efkes stean bliuwe te sjen nei Matisse)

hânlanger 2:

Goh, sjoch him dêr no stean...

hânlanger 3:

... in syn kafeetsje...

'keninginne':

... het wie bêst gesellich hjir...

hânlanger 2:

... WIE, ja... mar dat is no foarby troch plan A óf plan B ...

hânlanger 3:

Wa wit eins wat Plan A is?

'keninginne':

IK ! (*De pruken sjogge har freegjend oan*) ... dat is it plan, dat foar Plan B komt...
(*efkes is it stil en dan barste se alle trije yn laitsjen út en prústend rinne se ôf*)

hânlanger 2:

(*gierend*) Da's in goeie sis...logysk...ja.....fansels (*ensafuorthinne*)

hânlanger 3:

(*ek prústend fan it laitsjen*) ... ja, A komt foar B.. hoe komst derop? Wat in plan... (*ensf.hinne*)
(*alle trije rinne ôf. Matisse bliuwt allinne oer, efkes bard der neat*)

Matisse:

(*noch hieltyd mei syn eagen en earen ticht*) Hallo? Binne jim al fuort? Mei ik al sjen?
(*docht ien each iepen en sjocht foarsichtich. As hy nimmen sjocht iepent hy noch in each en begjint foarsichtich om him hinne te sjen*) Nimmen, se binne al fuort. (*Rint nei de yngong en sjocht. Dan pakt er syn kaaien en slút ôf. Efkes stiet er noch yn it kafee en sjocht foar him út*).
De keninginne, hoe is het mooglik. Mar mûltsje ticht, it is in ferrassing, en miskien.....
(*hy sjocht it al foar him*)..... KONINKLIJK KAFEE 'DE GULLE LACH'!
(*hij glundert*) fantastysk ! (*hij rint ôf, ljocht dôvet.*)

ein sêne 1

1ste bedriuw sêne 2

(*It kafee rint fol en fuort fangt in optreden oan fan de band 'De Deurzettters' .LIET 2 (CD no. 2/no. 16) In band yn de tradysje fan Normaal. De omstanners binne de fans fan de band, Andrea en Pópé sitte oan in taffeltsje en sjonge mei, mei in papier (de tekst) yn 'e hân. Matisse is net yn byld, lykas de projektúntwikkelders en harren hânlangers, mar de spilers fan dizze personaazjes sjonge fansels wol mei*) (*ein fan it liet, de omstanners applaudisearje en ferlitte it kafee. Andrea en Pópé binne efkes stil fan it oerrompeljende optreden.*)

Deurzetter Driekus:

(*mei achterhoeks aksint*) Nou, wat vond jij ervan? (*sjocht Andrea en Pópé om de beurt oan*)

Andrea:

(*giet stean , nei't Pópé mei in hân gebaar oanjûn hat dat sy it wurd mar dwaan moat*)
Ja, it wie ...hiel apart . En, jimme hjitte DE DEURZETTERS en komme út Twello, (*it trijetal knikt*), goh, bysûnder, bysûnder ek hoe't jimme der by rinne, (*klompen , kielen , frjemde hoeden ed.*), ...hiel apart.

Deurzetter Driekus:

(*nochter,*) Ja, apart , hè. Dat vonden wij ook, alleen de kleren , dat zijn onze dagelijkse kleren. Wij hadden namelijk geen tijd om ons te verkleden. Anders hadden we de trein gemist...snapt u wel? En dat hadden wij onze fanclub niet aan kunnen doen...

Andrea:

(*besjocht se nochris goed*), Oh, just ja, dat wie jim fanklup, dy minsken sakrekt?

Deurzetter Driekus:

Jazeker, die volgen ons overal , waar we ook gaan en staan. Kijk maar... *(rint nei de yngong fan it kafee. As de fans him sjogge klinkt der lûd jûchheigerop en wurdt de namme fan Driekus skandearre. Hy swaait en rint wer rjochting Andrea, mar draait him ynienen om en lit him wer oan syn fans sjen. Wer klinkt der jûchheigerop en heare wy syn namme. Dan rint hy wer werom en wurdt it wer stil)* ... Dat is zo lekker, hè, alsof je de koning zelf bent...maar, dat ben ik natuurlijk niet echt, ik ben gewoon Driekus...

Andrea:

(ferbluft) Goh, bysûnder sis...

Deurzetter Geert:

(stapt op Andrea ôf) Ja, bijzonder, daar zegt u een waar woord mevrouw. Het is hele nieuwe sound die wij maken , wij noemen het KLEI ROCK, oftewel , DE AARDAPPELSOUND, ook wel DE BINTJE BLUES genoemd. Heel anders dan de PALINGSOUND UIT VOLENDAM , maar daar komen wij dan ook niet vandaan...dus vandaar. Maar het spreekt de mensen wel tot de verbeelding...

Andrea:

Dat sil wol...

Deurzetter Barry:

(stapt ek op Andrea ôf) Nou, genoeg gepraat dacht ik zo. Wat wij , en dan bedoel ik Driekus, Geert en mijzelf nu van jou willen weten is, of wij kunnen optreden in jouw café op het Open Podium? *(alle trije sjogge Andrea yndringend oan)*

Andrea:

Uh, tja... *(sjocht nei en knikt nei him. Hy knikt werom, dan sjocht se it trijetal laitsjend oan)*
Dat is goed, jimme binne fan herte wolkom! En jim fans fansels ek.
(Driekus rint nei de útgong, stekt syn tommen yn de loft en fuort klinkt der jûchheigerop. Dan makket hy in ôfkap gebaar en alles is wer stil)

Deurzetter Barry:

(hiel nochter) Nou, mevrouw , u weet niet hoe blij u ons heeft gemaakt met deze beslissing...
Toch Geert ?

Deurzetter Geert :

(ek hiel nochter) Ja zeker.

Deurzetter Barry:

(rjochting Driekus) Wat jij , Driekus?

Deurzetter Driekus:

(by de doar, en ek tige nochter)... Ik ben intens gelukkig. *(Efkes falt der in stilte)*

Pépé:

(giet stean) No, hearen, dan soe ik sizze, oant sneon, en doch de groetnis oan jim fans...

Deurzetter Barry:

Natuurlijk, dat zullen we zeker... Goed dan gaan we maar, *(skoddet Andrea de hân , bytsje ferlegen en net op syn gemak)*, Tot ziens. *(Rint nei Pépé en skoddet ek syn hân)*
Tot ziens.

(de oare twa dogge krekt sa as Barry (hannen skodzje en tekst) en dan ferlit it trijetal it kafee. Fuortendalik klinkt der lûd jûchheigerop wat stadichoan weistjert. Andrea en P  p   sjogge elkoar oan mei in blik fan "wat wie dat?" en begjinne te laitsjen)

P  p  :

Koesto... *(rint nei syn taffeltsje en pakt it tekstbl  d, plus in folderke)... DE DEURZETTERS   t Twello?*

Andrea:

(met in brede laits) ... Ik hie der noch nea fan heard... Do wol?

P  p  :

(droech) Nee, nea fan heard... hoewol't se wol fans hienen...

Andrea:

... dy komme f  st ek   t Twello, d  rb  ten sil f  st nimmen harren kenne....

(dan komme de presintatrise, kameraman en technikus fan het tillefysje programma 'het gezelligste caf   van Nederland' het kafee binnen rinnen. De kamera wurdt fuort op Andrea en P  p   rjochte)

presintatrise :

... Hallo, famylje Pavlou ? sorry, dat wy samar del komme, mar kamen d  r krekt net, (wiist nei de doar), DE DEURZETTERS   t Twello, jim kafee   trinnen?. Fantastysk , net? Sa'n band! (docht tommen omheech), de Cd's binne net oan te slepen. Hiel Nederl  n giet derfoar ...

Andrea en P  p   tegearre:

(fronsend) H  ...?

Presintatrise:

(sjocht de ferhearde blik fan de twa Pavlous) ... oh, dat wisten jim net? Jimme sjogge net sa'n soad televyzje tink? No, dan kenne jim my nei alle gedachten ek net....., (steckt har h  n   t nei P  p  ), Titia van der Tol, fan it televyzjeprogramma 'It Leukste Kafee fan Frysl  n'. En, jim meitsje k  ns IT te wurden! (skoddet ek de h  n fan Andrea)

Andrea:

(bytsje ferdwaasd) ...Wat te wurden?

Presintatrise, kameraman en technikus tegearre:

*(op in sangerige manier) IT LEUKSTE KAFEE FAN FRYSL  N !
(dan komt Matisse snel binnen rinnen)*

Matisse:

(ent  sjast) Andrea, heit, wit jim wa't ik krekt foar op 'e strjitte seach?

Andrea:

(droech) 'DE DEURZETTERS'   t Twello ?

Matisse:

(ferheard) Ja! Hoe witsto dat ? En, datst se kinst ?

Andrea:

(puff) Wa kin se no net hê ?

Presintatrise Titia:

Ah, jo binne nei alle gedachten de tredde fan de famylje? *(sjocht yn in mapke dat se by har hat)* Matisse? *(rint op him ôf mei útstutsen hân)*.

Matisse:

(Sjocht Titia oan mei grutte eagen en skoddet har de hân). Mar, jo binne Titia van der Tol, fan...

Presintatrise, kameraman en technikus tegearre:

(sangerich) IT LEUKSTE KAFEE FAN FRYSLÂN!

Matisse:

(Ferbluft) Krekt. Wat in moetingen allegear, myn wykein kin net mear stikken!

(op dat momint stapt Jenny Robberts binnen. Om har skouders hat se in skoudertas.)

Jenny:

(Sjocht rûn) Goeie midde! Stoar ik? *(Nimmen reagearret dêrom giet se fierder)*, Ik sykje Matisse Pavlou ...

Matisse:

(Fleurich) Dat bin ik en wa binne jo?

Jenny:

Jenny Robberts. Ik bin hjir fanwege de advertinsje yn de krante. *(Hellet út har skoudertas in krante)*. Wy hawwe telefoanysk al mei elkoar sprutsen, oer de help dy't jo sykje yn it kafee. Ik soe oars moarn komme, mar ik wie yn de buert, dus docht ik, kom ik sil ris efkes sjen...

Matisse:

(sjocht mei in pynlik gesicht nei Andrea) Uh, just ja...

Andrea:

(Sjocht fronsend nei Matisse, hâld har yn) Help?... Advertinsje? Wêrom wit ik hjir neat fan, Matisse? Do wilst hoe't ik dêroer tink... ik wol dat net!

Pépé:

(Fielt dat Andrea op ûntploffen stiet en rint op har ta.) Hy woe it dy noch fertelle, Andrea, allinne socht hy noch efkes nei it goeie momint.... *(Sjocht nei Matisse mei in blik fan stommeling ast bist)* Dochs, Matisse?

Matisse:

Uh, ja, ik...

Andrea:

(rjochting Pépé) Wilst heit hjir ek fan? Dit is my ek wat moais sis, dit is my ek wat moais! *(Sjocht nei de oare oanwêzigen yn it kafee, stiet op it punt te ûntploffen)*. Sorry hear, mar wat der no bard, ik moet efkes..... *(se jout in HIELE HURDE WOESTE GJALP)* AAAAAAAAAAAHHH ! *(rjochting Matisse en Pépé)* IK WOL NO EFKES MEI JIM TWAËN PRATE! ALLINNE! *(Se rint lilck ôf)*.

Pépé:

(bytsje ferstuivere tsjin de rest) Sorry hear, wy binne daliks werom. Matisse! *(makket beweging mei de holle dat Matisse mei komme moat)*. *(Tsjin Jenny)* It komt wol goed hear, efkes in koart petearke... *(Jenny knikt en dan rinne Pépé en Matisse ôf)*

Presintatrise Titia:

(Tsjin Jenny) Wat soe der te rêden wêze?

Jenny:

Ik wit it net krekt, mar Matisse Pavlou hie it der wol oer dat syn suster noch wat beswieren hie tsjin wat ekstra help. Se woe it binnen de famylje hâlde of sokssawat....

Presintatrise Titia:

(knikt) Ah ja, ik haw wolris lêzen dat Grykske famyljes hiel hecht mei inoar binne....

(Ynienen klinkt der in ôfgryslík soad leven út de kûlissen. We heare Andrea wer in woeste gjalp jaan en dan en dernei Pépé en Matisse):

Matisse:

Toe no, Andrea wês reedlik! Andrea!

Pépé :

Is dit net wat oerdreaun Andrea? *(wer klinkt der in ôfgryslík leven fan bygelyks brekkend glês en Andrea oant balten)*.

Matisse/Pépé tegearre:

Andrea !!!! *(dan is het wer stil)*.

Jenny:

(met twifels tsjin Titia) Ik... ik haw ek wolris heard dat as Grykske famyljes spul hawwe, it faak slimmer liket dan it is. ...

(dan komt Andrea op. Sjocht woest, en stapt op Jenny ôf. Dizze wit har gjin rie. Andrea giet, mei har hannen yn 'e side, tsjinoer Jenny stean. Efkes bart der neat.)

Andrea:

(Ynhâlden) Wy hawwe krekt oerlis hân en besletten datst hjir komme meist te wurkjen! Matisse sei datst ek in keamer sochtest om yn te wenjen, dat treft dan, wy hawwe noch in keamer oer. Ik haw him krekt fierder frij makke.... *(giet hiel ticht by Jenny stean en wiist nei Jenny)*...

Dit is in famylje kafee en do bist gjin famylje, dat fyn ik in probleem, *(wiist nei efteren)* sy net...

OK ? *(Jenny knikt)* Ast my net befast kinst wer ôfreizgje, OK ? *(Jenny knikt)* Kinst moarn begjinne. *(rint ôf)* *(Jenny en de filmploech bliuwe wat fernuvere efter)*.

Jenny:

No, dat is dan regele! Ik haw wurk.

**(Muzyk oan (CD no. 3/no. 17) . De spilers rinne ôf. Muzyk fade out)
ein scene 2.**

1ste bedriuw, scene 3

(Muzyk oan (CD no. 4/no. 18)

(Op it poadium ferskine Muoike Leen en muoike Truus. Se nimme plak oan in taffeltsje. Jenny komt op mei in blêd drankjes /sherry. Efkes sjogge we ek Andrea yn byld, se liket te kontrolearjen of Jenny alles goed docht. As Jenny nei har knikt rint se wer ôf. Jenny set de drankjes op tafel en set it blêd fuort. Dan stoppet de muzyk.)

Muoike Leen:

Sûnens ! (*heft het glês*)

Muoike Truus :

Sûnens!

Muoike Leen:

(*Sjocht nei Jenny*) Op dy, Jenny. Datst hjir noch mar in hiel skoft wurkje meist! (*nimt in slok*).

Jenny:

(*komt bij de tafel stean. Glimket*) Ach ja, wa sil it sizze?

Muoike Leen:

(*Ferheard*) Hoe sa, wa sil it sizze? It giet dochs hartstikke goed?

Muoike Truus:

Of docht Andrea soms dreech?

Jenny:

(*Hellet har skouders op*) In bytsje, mar dat is net...

Muoike leen:

(*ûnderbrekt Jenny*) ... Ah fanke, dy draait wol by. Sjoch, wy kenne har..... in bytsje en se hat gewoan tiid nedich foar't se immen fertrout, sa is se no ienkear. SE SJOCHT EARST DE KAT ÚT DE BEAM, en dat is net ferkeard!

(*muzyk oan / elkenien op LIET 3(CD no. 5/no. 19))*

(*ein fan liet 3 , elkenien ôf behalve muoike Leen, muoike Truus, Jenny én Andrea .De scene giet fierder wêr dizze foar it liet einige is en Andrea is krekt op kommen om te sjen oft Jenny alles goed docht*).

Muoike Leen:

(*sjocht Andrea*) ... Sa is it dochs , Andrea?

Andrea :

Wat? (*komt rjochting it taffeltsje fan de muoikes*)

Muoike Leen:

(*herhellet*) Datsto tiid nedich hast om oan wat nijs te wennen (*sjocht glimkjend nei Jenny*)...

Muoike Truus:

... foardatst immen fertrouwt, bedoelt se!

Andrea:

(*sjocht nei Jenny*) Ja, dat kloppet. Dat is dochs net sa raar?

Muoike Leen:

(*laket*) Nee hear, do kinst net foarsichtich genôch wêze hjoed de dei. Mar,... (*heal serieus*) fertrousto ús, (*wiist nei harsels en muoike Truus*) Truus en ik, dus?

Andrea:

(*suchtet*) Ja hear... in bytsje!

Muoike leen:

Moai! Lit ik dan dit sizze: dizze dame hjir, (*knikt naar Jenny*), is hielendal okee! (*sjocht nei muoike Truus*) Of net soms, Truus?

Muoike Truus:

Jawis, hielendal okee! (*docht har tommen omheech*)

Muoike Leen:

No dêr hast it. En nim dat no mar oan, want wy binne wiere minskekenners. Dat sit yn ús bloed, dochs Truus?

Muoike Truus:

Jawis yn ús bloed. (*tsjin Jenny*), Mei ik trouwens noch in sherry-tsje?

Andrea:

(*net ûnder de yndruk fan Muoike Leen har ferhaal*) Fijn... fijn muoike Leen en muoike Truus, fijn om te witten...

(*op dat momint komt presintatrise Titia deryn. Se bliuwt efkes op in ôfstân stean te sjen*) (*Andrea ferfolget*)... (*koel tsjin Jenny*) Jenny, wolsto dizze minskekenners noch wat ynskinke, doch mar in rûntsje fan de saak! (*knikt freonlik nei de muoikes*) En, noch in soad wille! (*rint ôf*)

Muoike Leen:

Sjoch, wat sei ik, SE DRAAIT AL BY! (*sjocht nei Jenny dy't noch net sa oertsjûge is, en is dan serieus*) Wier, it komt wol goed!

Jenny:

Tsja, we sille sjen. (*wiist nei de glêzen*) Noch mar in kear itselde?

Muoike Truus:

Graach!

(*Dan rint presintatrise Titia rjochting de tafel fan de muoikes*)

Presintatrise Titia:

Soe dat noch efkes wachtsje kinne, we wolle bûten noch wat filmopnamen meitsje mei in oantal fêste klanten fan it kafee. Alles stiet al klear en ik tocht dat jimme hjir nei alle gedachten wol nocht oan hawwe?

Muoike Truus:

Komme wy dan op 'e televyzje?

Presintatrise Titia:

Wês dêr mar wis fan!

Muoike Truus:

O jee. Jenny, hâld it sherry-tsje noch mar efkes fêst, muoike Truus stiet op it punt in GSG te wurden!

Muoike Leen:

In GSG?

Muoike Truus:

Ja, in Graach Sjoene Gast!

Muoike Leen:

(*snapt it net*) UH...

Muoike Truus:

... IN BN-er ... In bekende Nederlander!

Muoike Leen:

Oh ja,... dat liket my eins ek wol leuk!

Presintatrise Titia:

No, rin dan mar efkes mei, dan regelje we dat (*rint nei de útgong*)

(*Muoike Truus en muoike Leen sjogge elkoar oan en gean stean, se binne dúdlik wat ûnseker oer dit oanbod om op tillefysje te kommen, Tegeare rinne se rjochting de bûtendoar*)

Muoike Leen:

(*sjocht om*) oant daliks...

Muoike Truus:

... oant op 'e televyzje...

Jenny:

Oant daliks, meitsje der wat moais fan froulju!

(De muoikes knikke en rinne efter elkoar ôf. Jenny bliuwt allinne efter.. Se skoddet glimkjend har holle. Dan ferdwynt de laits efkes fan har gesicht, se sjocht efkes foar har út krekt as betinkt se wat. Dan rint se nei de bûtendoar en kipet nei bûten, dan rint se nei de oare doar en kipet. Efkes letter stapt se út byld en komt dan wer werom mei in skoudertas, deselde wêr't se earder it kafee mei ynkaam om kunde te meitsjen. Dan rint se dúdlik yn spanning nei de kast mei de klûs. Se iepent de kast, sjocht om har hinne en begjint oan de klûsknop te draaien. Se liket no in betûft ynbrekster dy't krekt wit wat se dwaan moat. Nei inkele mominten iepent se de klûs en hellet der papieren út dy't se oandachtich besjocht. Dan hellet se har mobyl út de bûse en bellet).

Jenny:

... Mei my. Alle papieren lizze hjir (*harket*)... Ik sil sjen, (*se iepent ien fan de paspoarten en besjocht it*). Ja, sa FALSK as mar kin, dat sjocht der net sa bêst út foar se. (*harket*), efkes sjen, (*iepent in oar paspoart*).... Kos stiet der, KOS... dat is in Gryksk eilân, (*harket*)... Ja, PLAN B.... Goed, oant letter. (*Se hinget op, stoppet dan gau de papieren yn har tas, docht de klûs ticht. Krekt op dat momint komt Andrea der wer yn*).

Andrea:

(*sjocht rûn*) Sa, alles goed hjir?

Jenny:

(*skrikt, mar herstelt har snel*) Ah, Andrea, dêr bist. (*docht de skoudertas om en docht wat stappen rjochting Andrea*) Sis, kin ik efkes fuort.... noch wat dinkjes helje foar myn keamer, it is no dochs rêstich?

Andrea:

(*kweatinkend*) Okee (*sjocht rûn*) Wêr binne Leen en Truus?

Jenny:

Bûten, se meitsje wat filmopnamen mei fêste gasten fan it kafee. (*Rint rjochting de foardoar en sjocht nei bûten*), sjoch... (*Andrea komt by har stean en sjocht ek*).

Andrea:

Leuk.

Jenny:

(*Sjocht Andrea mei spanning oan*) Goed, dan sil ik efkes, Andrea. Ik bin net lang fuort....
(*De froulju sjogge elkoar oan. Efkes is it stil fan de spanning. Dan glimket Jenny, knikt efkes nei Andrea en rint gau ôf. Andrea sjocht har efkes nei, draait har om, sjocht rûn en rint dan nei de kast mei de klûs. Op it momint dat se de klûs iepenje wol komt presintatrise Titia deryn, folge troch de kameraman en de technikus.*)

Presintatrise Titia:

Goed, noch ien opname en dan nimme we efkes pauze. Elkenien klear?

Kameraman:

(*rjochtet syn kamera op de yngong*) KAMERA RINT !

Technikus:

(*rjochtet mikrofoan*) LÛD RINT !

presintatrise Titia:

EN AKSJE !

(*muoike Leen en Muoike Truus komme it kafee yn rinnen*)

Muoike leen:

(*sjocht efkes yn de kamera foar't se trochrint*), DIT IS IT DUS, it HERT fan dizze buert: KAFEE DE GULLE LACH' .(*rint nei foaren*) No is it noch rêstich, mar dat duorret net lang mear....

Presintatrise:

(*ynterviewt*) Hoe bedoele jo dat?

Muoike Truus:

(*sjocht op har klokje*) No, dat is dochs logysk: De Fiif Sit Yn De Klok!

Muoike Leen:

Dat witte jo dochs wol?

Presintatrise Titia:

(*begrypt it eins net*) ...UH...?

Muoike Leen en muoike Truus tegearre:

(*meitsje in drink beweging*) It is HAPPY HOUR !

(*fuort rint it kafee fol en start de muzyk LIET 4 (CD no. 6/no. 20)*)

Elkenien, sels de projektûntwikkelders Bot en Beenhouwer en harren hânlangers sjonge mei. Oan it ein fan it liet ferlitten Bot en Beenhouwer it kafee, nei't Bot oan ien fan de hânlangers in slúf jûn hat. De trije (louche) hânlangers gean midden yn it kafee stean. De famylje Pavlou sjocht dit ferheard oan, wylst der noch hieltyd filme wurdt.)

Grijpstra:

(mei de slúf yn de hân) Froulju en manlju, me ik efkes de oandacht... (geliedelik wurdt it stil) Tige tank. (Tsjin de kameraman) Bin ik yn byld? Goed, wat in fantastyske sfear. Ik sil my efkes foarstelle, myn namme is Gerrit Grijpstra en tegearre mei myn kollega's (wiist) meie wy út namme fan de projektûntwikkelders Bot en Beenhouwer, de famylje Pavlou dizze jild sjek jaan (hâldt slúf omheech, wappert met de slúf, sjocht rûn) Oan wa mei ik him jaan?

Pépé:

(stapt op Grijpstra ôf) Mei ik efkes witte wêr't dit om giet?

Hânlander 2:

(koart ôf) Fansels mei dat. Bot en Beenhouwer keapje jim kafee...

Hânlander 3:

...Op dit plak komt in kompleks, in kompleks kompleks.....

Hânlander 2:

... mar hiel effisjint!

Hânlander 3:

En modern!

Hânlander 2:

En Snel!

Hânlander 3:

En glêd!

Hânlander 2:

Glêd?

Hânlander 3:

Ja, dat liket my dochs wol, glêd én strak, dochs?

Hânlander 2:

(tinkt nei) ... Ja, soe bêst kinne.... klinkt bêst wol goed yn elts gefal...

Grijpstra (hânlander 1):

Mar mei dit jild kinne jim sa earne oars opnij begjinne..... (sarkastysk) Yn Grikelân, bygelyks! Asjeblyft, (jout Pépé de slúf)

Matisse:

(komt neist Pépé stean en besjocht de trije manlju) Sis, ken ik jim net earne fan?

Grijpstra:

(sjocht fuort) Ik tocht it net! (Matisse sjocht ek de oaren oan, en allegear draaie se harren ôf).

Pépé:

(hellet de sjek út de slúf en sjocht nei it bedrach) It is in soad jild. (Hy lit it ek oan Matisse sjen en Andrea, dy't der ek bykomt. Oan de gesichten is te sjen dat it echt om in soad jild giet. Efkes bard der neat, mar dan ferskuort hy hiel opsichtich de sjek) MAR US KAFEE IS NET TE KEAP! (Hy goait de snippers yn de loft), (elkenien jûchheit en klapt yn 'e hannen).

Matisse:

(tsjin de trije manlju) No, dêr hast it. Ik leau dat jim better fuort gean kinne.

Muoike Leen:

Krekt! Fuort mei dy lju!

Muoike Truus:

Se wurkje foar Bot en Beenhouwer, dy keapje de hiele buert fan ús op! Se meitsje alles stikken!

Muoike Leen:

Net te fertrouwen dy klup! BOE!

(elkenien ropt no ek BOE , en de trije manlju merke dat se mar better fuort gean kinne)

Grijpstra:

(mei lûde stim, sa't elkenien efkes stil is) OKE! Okee, we gean al. Mar jimme binne stom, HIEL STOM. No kinne jim fertrekke sûnder ien sint, fuortendaliks werom nei jim eigen lân. WANT WY WITTE ALLES FAN JIMME, ALLES!!! (hij winkt met de holle syn makkers en rint foarop troch de minskemassa nei de útgong).

(De minsken litte de trije der troch, mar it Boegerop begjint ek wer. Oant se ferdwûn binne.)

Pépé:

Moai, opgeruimd staat netjes! Wêr wienen wy bleaun?

Muoike Leen:

Happy Hour!

Pépé:

Krekt! *(klapt yn de hannen)* Muzyk !!!!

(muzyk oan (CD no. 7/no. 21),

(de hiele kloft komt yn beweging. Stadichoan ferdwynt elkenien fan it toaniel, de filmploech ferdwynt as lêste (filmjend!). De muzyk wurdt sêfter. Dan komt Andrea oprinnen. Se sjocht efkes nei bûten en glimket. Dan rint se nei de kast mei de klûs, en iepent de klûs. Nei wat sykjen draait se har om, sjocht lykbleek)

Andrea:

Oh nee,de paspoarten binne fuort. *(se slút de klûs en de kast en rint snel ôf)*

Presintatrise Titia:

(komt oprinnen, bliuwt stean en sjocht nei bûten wêr't noch filme wurdt.)

EN STOP, it stiet derop. Wy nimme efkes in PAUZE.

(Titia rint ôf, de muzyk wurdt wer lûder en fade dan út)

ein scene 3.

ein 1ste bedriuw.

PAUZE

2de bedriuw, 1ste scene

(muzyk fangt oan (CD no. 8/no. 22) .

*(It is sneontejûn, tiid foar it lepen Poadium. De presintator rjochtet syn ferhaal oan it echte publyk. Alles wurdt fansels filme troch de filmploech fan 'it leukste kafee)
(muzyk fade out. Presintator komt op)*

Presintator:

Tige wolkom werom nei de pauze. It is sneontejûn, bûten is it tsjuster, mar binnen is it lepen Poadium en myn namme is..... *(noch ynfolje)*

(muzyk oan. Elkenien op. LIET 5(CD no. 9/no. 23),

Nei it liet elkenien ôf, útsein de presintator)

Presintator:

Fantastysk. It lepen Poadium, al jierren in grut feest foar jong en âld, mei hieltyd wer ferraskjende optredens, en ferraskjend is ek it folgjende optreden, se binne wat senuweftich want is harren earste kear, mar ik tink, seker net de lêste..... Jou se in daverjend applaus, hjir binne.....*(noch ynfolje)*

Presintator:

(ôfkundiging 1ste optreden/oankundiging 2de optreden)

Haw ik tefolle sein? Ferraskjend en noch goed ek... Ja, der rinne hjir wat talinten om yn kafee 'De gulle lach'. Foar jûn wie der ek in optreden ynplante fan DE DEURZETTERS, mar hja binne spitigernôch ferhindere troch in trein/ wikelsteuring wêrtroch der gjin treinen ride fan en nei Twello. Mar nije wike binne se seker fan de partij, hawwe se tasein.....

Goed, gau fierder mei it programma.

Wy sille sjen nei:*(noch ynfolje)*

Wa ken se net, want se trede sawat eltse moanne wol in kear op, en dizze kear bringe se foar jo it nûmer:*(noch ynfolje)*

Presintator:

(ôfkundiging 2de optreden/oankundiging 3de optreden.) Fantastysk! Sensasjoneel! Ea sawat sjoen? No, ik net! En, der komt noch mear, jawis, we binnen der noch net trochhinne. Noch ien optreden stiet jim te wachtsjen, mar foar't we dêr oan ta binne wol ik earst in daverjend applaus foar de famylje dy't dit alle al hast 10 jier foar ús organisearret. DE FAMILIE PAVLOU !

(de famylje giet stean en swait beskieden nei it publyk. De presintator ferfolget hjirnei syn oankundiging)

Moai, wat in famylje. Okee, it lêste optreden fan dizze jûn, ek dit binne gjin ûnbekenden, de hannen opinoar, *(makket applaus beweging),*

foar..... *(noch ynfolje)*

(Nei dit lêste nûmer, ûnder it applaus, komme de famylje Pavlou en de presintator op, de famylje begeliedt de artysten nei de útgong, swait harren út en nimt dernei ek ôfskied fan de presintator. De jûn is ta in ein kommen. De famylje rommet noch wat op foar't se ôfslute. Wylst se opromje komt der in âld mantsje binnen, pake Koos van Dijk. Hy is stamgast fan it kafee, wennet al jierren yn de buert, hy is no efkes de ferteller fan it foarôfgeande, (foar de pauze), en liedt it ferfolch yn.

Ein scene 1, 2de bedriuw

2de bedriuw, 2de scene

Pake Koos:

(oan de sydkant, foar op it poadium) En sa is der wer in sneontejûn en in Iepen Poadium yn it kafee foarby. Wat in jûn wer, de minsken út de buert hawwe genoaten, logysk, wat in sfear!... En wat deasûnde, dat dit alles no driget te ferdwinen. Dy Bot en Beenhouwer hawwe kâns sjoen om hast alle huzen yn de omjouwing op te keapjen. Hja meitsje gebrûk fan de plannen fan de provinsje dy't it neist lizzende fleanfjild fierder útwreidzje wol, om nije kantoaren en winkelsintra mei oantreklike parkear gelegenheid te bouwen en te eksploitearjen. En dat leit se gjin wynaaien. Hja hawwe ek besocht it kafee te keapjen, mar dat is net slagge. Dy goede âlde Pépé hat de sjek gewoan ferskuord...

Mar ja, of dat wat útmakket is mar de fraach, de famylje is by lange nei net fan Bot en syn kornuten ôf. Nee, dy lju jouwe nea op as der wat te heljen is. Hja sille daliks it kafee yn rinne, let mar ris op!

(op dat momint stappe yndie Bot, Beenhouwer en de trije hânlangers it kafee yn en gear midden yn de romte stean. De famylje sjocht harren ferheard oan.

(pake Koos fierder) Wat sei ik ? Dêr hast se al! En hja sille sizze dat se ôfwitte fan de falske papieren en paspoarten fan de famylje. En dat dêrom de famylje ôfsette moat en dat it kafee ôfbrutsen wurde sil.... *(pake giet earne yn de romte sitten en folget it spul fierder)*

Grijpstra:

(reagearret op de wurden fan pake Koos!) ... krekt, dat is krekt wat der barre sil en jim famylje kin dêr neat oan dwaan, hielendal neat!

Andrea:

(besiket de situaasje hielendal te begripen) Dus... dus, jimme hawwe ús papieren út de klûs stellen!

Grijpstra:

(ferheard) Stellen, wat bedoele jo? Wy binne gjin dieven mefrou! *(sjocht tige beledige)*

Andrea:

Ja, doch mar net sa efterbaks. alle papieren binne ferdwûn. Ik freegje my allinne ôf hoe't jim der yn kommen binne?!

Bot:

Seinen jo dat ALLE PAPIEREN ferdwûn binne?

Andrea:

Ja. *(Bot en Beenhouwer sjogge elkoar oan)*

Bot en Beenhouwer tegearre:

TSS

(het siskjende lûd lykas wy earder hearden, nachts doe't hja fermomme Matisse moete hawwe. Troch dat lûd begjint Matisse wol wat te dagen, hy sjocht harren oandachtich oan mar seit noch neat.

Pépé:

Wat no, TSS? (makket itselde lûd). Wat bedoele jim mei TSS?

Bot:

Sjoch, falske paspoarten binne slim, mar hielendal GJIN paspoarten is noch folle slimmer!

Grijpstra:

Fandêr TSS, hear Pavlou, want dat is nammentlik wit hoe TSS! Begripe jo wol? TSS, dochts?
(sjocht nei hânlanger 2)

Hânlanger 2:

Krekt. TSS watsto seist! TSS, TSS, en noch ris TSS!
(dan reagearret Matisse dy't der no wis fan is wa't hy foar him hat.)

Matisse:

Hé, mar ik wit wa't jim binne. Jim binne hjir west, nachts en.... (wiist dan nei ien fan de hânlangers dy't de 'keninginne' wie), en do wiest DE KENINGINNE!
(de 'keninginne' giet neist Matisse stean en besjocht him inkele tellen fan kop ta tean).

'Keninginne':

(synysk) De keninginne, seinen jo? Ik? Nachts? Hjr? Klinkt in bytsje frjemd, fynst ek net?
En, hokker kant gienen wy op?

Matisse:

UH, dat wit ik net, want ik hie myn eagen ticht. (docht sa as hy doe die.)

'Keninginne':

Dyn eagen ticht... As de keninginne del komt? (sjocht Matisse oan lykas is hy net goed wiis).
Bizar, minsken, tige bizar. Ik tink net dat immen dit leaut!
(sjocht glimkjend nei de oare hânlangers)

Bot:

(jowt in klap yn syn hannen), goed, ik wit wer genôch. It is spitich foar jim, mar ik tink dat jimme dizze tinte slute kinne..... Oant sjen! (draait him om, makket noch efkes in swaai beweging lykas wy earder de keninginne dwaan seagen en rint nei de útgong).

Beenhouwer:

Oant sjen. (docht krekt as Bot en ferdwynt ek, mei yn syn kylwetter de trije hânlangers breed glimkjend en fansels ek swaaiend)

(de famylje is alhiel ferbjustere. Pake Koos giet stean en rjochtet him wer ta it publyk. Dit kear sjocht de famylje nei him!)

Pake Koos:

(suchtet) Earme famylje Pavlou, sûnder papieren, sûnder paspoarten en in raar ferhaal oer de keninginne. Wa sil dit ea leauwe? Soe dit wier it ein betsjutte fan it kafee? En hoe moat it fierder mei de rest fan de buert? (hy sjocht efkes stil foar him út, dan liket it lykas sjit him wat te binnen. Hy draait him resolút om, knikt nei de famylje en rint de romte yn. De famylje wat ferheard efter littend.)

Pépé:

(docht in pear stappen rjochting de bûtendoar, wêrtroch pake fuortgien is en sjocht nei syn famylje) Mar, dat wie dochts.... pake Ko, wat die dy ...? (snapt der efkes neat fan)... no ja, lit mar... (wuwet it fan him ôf)

Matisse:

It is allegear myn skuld! Allegear myn skuld! Troch my witte se alles, ik fiel my sa dom, ik tocht dat it de keninginne wie...

Pépé:

Sit der mar net oer yn, Matisse. Hienen se DIT net witten, dan hienen se wol wat oars betocht om ús fuort te krijen. It ienige wat dy lju ynteressearret is jild, en dêr dogge se alles foar!

Andrea:

Dochs begryp ik noch altyd net hoe de papieren út de klûs ferdwûn binne. Ik krige krekt sels it idee dat hja dat ek net dien hienen.....

Matisse:

Wa soe se oars stellen hawwe?

Andrea:

No, Jenny bygelyks!

Matisse en Pépé tegearre:

JENNY ?

Andrea:

(rêstich) Ja, Jenny! Sûnt sy hjir is rint alles ferkeard. EN, sy koe der maklik by, sûnder ynbrekke te hoeven. Soe my neat ferbaze as se wurket foar dy Bot en dy oare Klowns. *(sjocht rûn)*.

Trouwens, wêr is se eins?

Pépé:

Se hie jûn in wichtige ôfspraak, ik wit net wat, mar dat giet ús ek net oan.... mar wier, Andrea, ik leau net dat sy der wat mei te meitsjen hat!

Andrea:

En ik leau fan wol,se ferberget wat, dat fiel ik! *(op dat momint komt pake Koos hurd op rinnen mei in oantal stamgasten fan it kafee, û.o. muoike Truus/ Leen)*

Pake Koos:

(alhiel oeral) Andrea, Pépé, Matisse, kom ris gau sjen, oeral yn de buert baarnd ljocht. It wurket!

Pépé:

Wat wurket?

Stamgast 1

In oantal minsken út de buert, wêrûnder pake Ko, is oant beljen slein om minsken te freegjen moarntejûn te kommen om te protestearjen.

Stamgast 2

... dy minsken belje wer oare minsken...

Pake Koos:

... en elkenien dy't mei dwaan wol is frege de ljochten yn hûs oan te dwaan! En sjoch, oeral brânt ljocht!

(De famylje en de rest sjogge no nei bûten)

Pake Koos:

fantastysk, is it net? De hiele buert sil moarn de strjitte op. Klokslach acht oere sammelje wy hjir foar it kafee. We sille elkenien wekker skodzje...

Stamgast 1:

By my yn de skuorre binne al in oantal minsken dwaande spandoeken en protestboerden te meitsjen. We kinne noch wol wat help brûke!

Pépé:

Ik gean mei!

Matisse:

Ik ek! (*sjocht nei Andrea*) Andrea?

Andrea:

(*hinget der earst tsjinoan*).... Okee.

Pépé:

Tinkst dat it sin hat, Ko?

Pake Koos:

It kin yn elts gefal gjin kwea. (*leit in bemoedigjende hân op Pépé's skouder*) Dochs?
(*Pépé glimket*)

Pépé:

(*striidfeardich*) Kom op, we gean! We sille harren in poepke rûke litte! (*rint ôf*)

(*mei in soad bravoer folget de groep him*)

(*efkes wurdt it stil, dan heare wy de stim fan Jenny*)

Jenny:

(*stim*) Hallo? Matisse? Pépé (*komt op en sjocht om har hinne*) Andrea?
(*se rint nei de trochgong nei de oare fertrekken yn it kafee en sjocht dêr ek efkes om har hinne*)
Hallo? (*dan rint se it kafee wer yn en pakt har mobyl út de tas en bellet*)
Mei my. Se binne der net. (*lústert*)... dat tink ik ek (*lústert*) ... moarn om acht oere mei de hiele buert . (*lústert*) Ja, alles wurdt filme. Ik regelje it. Ek de kaai. Hja sille wol opsjen. (*lústert*)... Ja, oant moarn. (*nei't se har tillefoan opburgen hat, hellet se wat lytse foarwurpen út har tas dy't se hjir en dêr delleit en plakt (ûnder in tafel), Dan hellet se in slúf út har tas, rint nei de klûs en stoppet de slúf deryn. Se slút de klûs en rint gau it kafee út.*)

ein scene 2, 2e bedriuw.

2e bedriuw, 3e scene

(*de oare moarns, in wekker giet ôf. (CD no. 10/no. 24)*)

Pépé:

(*stim*) Matisse! Andrea! Der ôf komme! It is tiid! Se kinne hjir elk momint wêze! (*komt op. Rekt him efkes út en rint dan wer werom. Dan komt hy op mei in spandoek mei dêrop de tekst: GOED – BETTER – PAVLOU !*) As dit net wurket?

(Op dat momint binne der in flink oantal stimmen te hearen. It binne de stimmen fan de protestearjende buert bewenners dy't foar de doar stean. 'PAVLOU' wurdt der roppen en WEKKER WURDE, WY BIN' IT ! en WE SILLE OP PAAD ensf. P  p   ropt nochris MATISSE en ANDREA wylst hy de doar iepen docht. In pear tellen letter komt in groep buert bewenners / stamgasten op mei spandoeken. Foaroan rint Pake Koos. Hy is der klear foar. Ek Matisse en Andrea ferskine no)

Pake Koos:

(klimt op in ferheging) Sa, bin' we der klear foar? (der klinkt wat j  chheigerop, wat pake net l  d gen  ch is) IK SIS, BINNE WE DER KLEAR FOAR? (dan klinkt der l  d j  chheigerop) Moai sa, de hiele buert stiet klear b  ten! Want we pikke it net minsken! Dochs?

Stamgast 1:

Sa is it, nimmen wol dat de buert ferdwynt, en nimmen wol dat it kafee ticht giet, en al hielendal nimmen wol noch in winkelsintrum, want dy binne der al gen  ch!

Stamgast 2:

DUS, as der types binne dy dit s  nder te freegjen dochs foar elkoar krije wolle, dan sizze wy: BINNE JIM HARTSTIKKE MESJOKKE WURDEN !!!!

(muzyk giet oan LIET 6 (CD no. 11/no. 25))

(oan it ein fan it liet sette de minsken   f, mei de famylje Pavlou foarop. Stadich oan wurdt it stil. Dan ferskine Bot, Beenhouwer en de trije h  nlangers. Bot hat in kaai yn 'e h  n)

Bot:

(sjocht nei de kaai) Krekt sa't wy   fpraat hawwe. De kaai   nder it kezyn. (glimket) Foar jild dogge se alles foar dy!

Beenhouwer:

En de papieren?

Bot:

Yn de kl  s, *(rint nei de kast mei de kl  s)*, hjir! *(tsjin Grijpstra)* Meitsje mar iepen!

EIN SICHTFERZJE